

Provinsjale Steaten
Fraksje fan de FNP
t.a.f. dhr. W. Veenstra

Ljouwert, 12 septimber 2017
Ferstjoerd, **12 SEP. 2017**

Ús merkteken : 01441512
Ôfd./Opjefte : Provinsjale Wettersteat / Team Fêstguod
Behannele : J.H. Hesselink / (0316) 52 40 12 10 of a.hesselink@fryslan.frl
troch
Ús merkteken :
Taheaksel(s) : -

Ûnderwerp : beantwurdzje skriftlike fragen oer ferkeap BBL-grûn

Achte hear Veenstra,

Jo skriftlike fragen op grûn fan artikel 39 fan it Reglement van Orde, ynkomen op 21 july 2017, beantwurdzje wy sa hjirûnder neamd stiet.

Ynlieding:

No't it Bureau Beheer Landbouwgronden (BBL) opheven is, is it Ministearje fan Ekonomyske Zaken (EZ) op 31 maaie úteinset mei de ferkeap fan de oerbleaune besittingen fan BBL, wêrûnder tal fan perselen grûn ferspraat oer hiel Nederlân.

Op de webside <http://www.verkoopbblbezit.nl/> is middels in ynteraktive kaart te sjen hokker perselen fia iepenbiere ynskriuwing te keap oanbean wurde. Hjirûnder ek perselen yn Fryslân, dy't foar in part lizze yn ien fan de trije 'prioritêre provinsjale gebieten', te witten Achtkarspelen-Súd. Yn de taljochting wurdt oanjûn dat oerheden dy't de grûn nedich binne foar de realisaasje fan eigen beliedsdoelen, lykas provinsjes, gemeenten en wetterskippen, foarrang krije kinne.

Yn jo brief kenmerk 01429646 oer de grûnferwerving foar natuer geane jo eksplisyt yn op de wize fan oankeap troch de provinsje, de prioriteitstelling dêrby en it tal hektares dat noch te realisearjen is foar 2027.

De iepenbiere ferkeap hat yn Achtkarspelen laat ta gâns opskuor by grûneigeners en oare belutsenen by de realisaasje fan de werynjochting yn it bedoelde gebiet.

Fraach 1:

Binne jo op de hichte fan de iepenbiere ferkeap fan de oerbleaune BBL-grûn op de frije merk?

Antwurd fraach 1:

Wy binne derfan op de hichte. De leur-proseduere rint no en wy ha ús ferlet fanút mear projekten bondele en trochjûn oan it RVO. De leur-proseduere is de ôfspraak tusken oerheden om oerstallich ûnrepjend guod earst oan harren partners oan te bieden foar 't se op de iepenbiere merke ferkocht wurde sille.

Fraach 2:

As de bedoelde perselen yn Achtkarspelen-Súd ferkocht wurde oan partikulieren, stiet dit dan it fierdere proses fan frijwillige ruil yn it gebiet yn de wei? Is de Provinsje syn 'smarmiddel' yn it gebietsproses dan net kwyd?

Antwurd fraach 2:

De iepenbiere ferkeap fan de perselen stiet it proses fan frijwillige kavelruil net yn de wei. De oanbeane perselen lizze rom bûten de natuergebieten en/of ynfraprojekten en binne dêrby net tsjinstber oan de provinsjale doelen.

Fraach 3:

As in part fan de grûn binnen dit werynrjochtingsgebiet yn hannen fan treden komt, en de mooglikheden foar frijwillige ruil dêrmei (fierder) beheind wurde, wat betsjut dat dan foar it heljen fan de provinsjale natuerdoelstelling, kwa planning en kwa tal hektares?

Antwurd fraach 3:

Is net fan tapassing; sjoch antwurd 2.

Fraach 4:

De bedoelde perselen steane op de ynteraktive kaart fan RvO / EZ no (20 july 2017) noch op grien, dat wol sizze der kin noch op bean wurde mei in 'marktconforme' priis. Is de Provinsje fan doel en easkje har prioritêre posysje as belanghawwende oerheid op om dizze grûn sa gau as mooglik yn eigendom te krijen?

Antwurd fraach 4:

De grûn der't wy belang by hawwe, is al kenber makke by it RVO. Dizze grûn sil dan sa gau mooglik oernommen wurde fan it RVO tsjin in marktkonforme priis.

Mei heechaching,

Deputearre Steaten fan Fryslân,


drs. A.A.M. Brok, foarsitter


dr. W.J. van Elsacker, sekretaris